

**Wjirmgat  
Selsportret mei in (Giftige) bruid  
Fingerwizingen**

**Tomislav Vrečar**



**Oersetting: Hein Jaap Hilarides**

**oare**wurden  
|||

Co-funded by the  
Creative Europe Programme  
of the European Union



**druge**besede  
|||

**Tomislav Vrečar**

### **Wjirmgat\***

As ik de moarn ynstap dy't him de eagen útwriuw, duorret it net lang foar't in kritende seefûgel mei grutte poaten út de loft sakt en de strjitte beset. Grutsk beweecht er himsels, de eagen op in swarte pûde, in stikofwat swarte pûdes. De minsken hawwe se oan de dyk set sadat de jiskemannen se moarns meinimme kinne. Hy hat it each op de pûde dy't it tichtste by stiet en begjint yn de yngewanten om te pikken. Hy hat it op de klikjes fan de minsken fersjoen; de happen dy't se net op koenen, net fertarre koenen, stikjes dy't je noch wol ite kinne, mar better net oer prate kinne. De seefûgel hâldt de kop derby as er de ynhâld fan de swarte pûde senuwachtich iepentear, in nij gesicht tekent yn de moarn fan de dei, de appendiks der útskuort troch it wjirmgat fan it bestean. Alles is in kwestje fan oerlibje, wy binne iesiters, en fan jin omheech wrotte oer de rêch fan in oar; sels de lytste twirre echoot de ferwachting foarby, fêstspjelde yn stilte.

De lippen fan de wyn plakke de ezelsearen fan de posters wer fêst, dy't loslitte fan de betonnen gesichten fan de ferwaaide strjitten. De posters rekke harren út yn de romte, suchtsje as ynternet-bruiden, garje de echo's fan fuotstappen yn de fierte. It ritme fan fotokopiearre iensumens. Lichems dy't byinoarkomme. Dampige mist dy't feroaret fan liif: ûnlêsber, útinoar skuord, ferfage; saaie wurdlidden, bergen wurden en stikken fan dingen. Utweide leechte dy't fan it iene nei it oare each rint. Fan de earste nei de lêste fingerknokkel. De wyn en syn skommel. De dea gie hjir in kear foarby. Op in dei giet de grize dy wer oer de grauwe. Pleisterkalk lit los, hellet it stiennen doekje fan de reade binnenkant tefoarskyn. Hikken, ferbûge fan tsjuster, glysterich fan it flugge oanreitsjen, rustich fan it brek oan ljocht; rein en syn toan ite de rook fan stiel op. Swarte pûden fan polyfinyl en harren sortearre magen. Yngewanten mei tatoeëarre polipen fan earmoede. It mearfâld fan hongere. It inkelfâld fan stilte. De tamakke organen fan in ien of oar bestean.

(Ik fersûp de romte yn de sintels fan in skuor as ik in sigaret opstek, ik wachtsje en nim halen, foarmje tinzen, kom yn romte en tiid, yn wat noch barre moat. Utbaarnd, begjin ik te skriuwen, yn steat om in tel yn deselde romte werom te kommen. En wat is dy romte?)

De wrâld komt yn de minske nei boppe troch in sachte stille taaheid. En it stjert troch in stil trochsetten yn de romte. Asto net bist, net hjir of dêr, dan bisto oeral. Do moatst allinne de goede ôfstân fine dy't der foar soarget datsto net yn de heksetel fan de syngronisiteit falst, sadatsto net yn dy glêzen bol bedarrest dêr't alles kreas en oarderlik te plak set is. Krezens ten koste fan syngronisiteit; modern wêze, wannear't oaren de skaden en de foarmen dy't oplein binne diktearre. Eat besykje te pakken, dat in taheakke wêze moatte soe fan in tiid of bepaald momint, as it by eintsjebeslút allinne mar in besykjen is om aardich fûn te wurden, om oan de fal fan de ferwachting temjitte te kommen, om der net boppe út te kommen as in net te bedimjen stik túch dat hieltyd snoeid en bûge wurde moat.

Ljocht fakkelet it stof fan it figuer ôf, wasket it, sadat ik it sjen kin. In tinne jongfeint lekt gewoante en gesellichheid, perfide perfekt disrespekt, syn hâlden en dragen, in soarte fan iuwenâlde finearlaach dy't geheimsinnich makke is mei universele ûnderfining. Der is neat wat by dit figuer respekt opropt; hy is alhiel net by steat om wat foar hierargy dan ek te erkennen; synisme basearre op it talint om krekt te dwaan as oft er fatsoenlik is.

De wiisheid dy't fuortkomt út it legere segmint, de wiisheid fan de strjitjonge dy't min betelle wurk dwaan moat, dêr't de hegere klasse likefolle foar wurdich is as hoefolle hy der fan profitearje kin, foar him is it lykas in wyld bist dat besprongen en plundere wurde moat ... koartsein, in smearlap dy't allinne trou is oan syn eigen frijheid en syn lot. Ja, dit is wat ik sjoch, en ik sis tsjin mysels: 'Hee, dat bisto!'

Tinzen bepale de observaasje, dat is wis, se binne nau ferbûn mei it sjen, en krekt sa as de observaasje wurde se ferdreaun troch wat de yllúzje feroarsaket. Blêden falle net fan wolken. Blêden falle, yn de hjerst.

Ik soe wol ferhalen fersinne kinne, mar dan soe ik folle mear yn aventoeren liuwe moatte. Ik doarmje mar wat om, mear net. Ik wurd *high*, mear net. Fêstheakke en ferspraat. En ik lis it portaal bleat, rin der yn troch de wyn fan de stikkene dagen. Ik wurd hieltyd ferlaat troch de oanstriid om de oplossing te wurden fan in soarte fan libben, dat my mei syn bylden twingt myn eigen libben te ferjitten. Lit my mysels ynsinuarje nei in plak ûnder de see fan wat ik bin. Lit it net sa wêze, it libben bestiet net út dagen dy't gearrinne, wy litte gjin spoaren achter, wy binne foarriners fan wat noch komme moat.

'Goemiddei, hawwe jo in tas foar my of bin ik mis?' De bussjauffeur nimt my skerp fan ûnder nei boppe op: 'Wêr wei?' 'Ut Nova Gorica,' sis ik. Hy stapt út de bus en hellet in grutte tas út it bagaazjerek. Ik pak de tas oan en tankje him. Hy is frij swier, de tas is fan polyfinyl makke en hat strepen yn alle kleuren. Hy sjocht der presys sa út as de tassen dêr't de flechtlingen de pear spullen dy't se hawwe yn meitôgje. Ik krij in stek yn de side, ik kom net mear foarút, ik hymje. By it stopljocht fiel ik in tik op it skouder. 'Menaar, menear?' Ik sjoch achterom, achter my stean twa plysjemannen. 'Menaar, wolle jo hjir even stean?' It slaat nearne op, mar ik doch wat se wolle. 'Papieren asjebleaf!' Ik helje myn ID út de bûse en jou it dokumint oer. 'Wat hawwe jo yn de tas, menear?' Nei in pear tellen mompelje ik: 'In helppakket.' 'Wat seinen jo?!' De plysjeman knipperet mei de eagen. 'Iten, dat myn mem opstjoerd hat.' De plysjeman stoarret my noch hieltyd wantrouwich oan, dan knikt er nei de oare plysjeman dat dy yn de tas sjen moat. Hy hellet de tas oeral. Ik bin mislik, it fielt as jout de plysjeman my in stomp yn 'e mage, skoddet er myn yngewanten trochinoar. Ik bin mislik en skamje my, it is midden op 'e dei, der binne in soad minsken op 'e lap en guon stean my oan te gapjen. De plysjeman sjocht wer yn de tas en klaut der yn om, en ik wurd stadichoan lilker. It fielt as stean ik dêr neaken, en kin ik nearne skûlje. Op 't lêst hâldt er op mei my yn de búk te slaan, hy sjocht op en jout de oare plysjeman in wink, as wol er sizze, de jonge liget net, it is iten. De earste plysjeman jout my myn ID werom, fan de twadde krij ik de tas. 'It is goed sa, do meist fierder, in goede dei noch!' Dêr gean ik, en wylst ik myn ûnthillige yngewanten meisleep fiel ik in soarte fan walging, ik sjoch myn mem en de dwersheid en taaiheid dy't se nedich hie om de tas nei de bus te sjouwen ... Alles wurdt swart.

\* Yn 1957 hat Johan Archibald Wheeler de term wjirmgat yn de natuerkunde yntrodusearre. Hy wie ien fan de lêste kollega's en opfolgers fan Einstein. De útdrukking is ôflaat fan in ferliking fan de beweging fan in wjirm oer de skyl fan in appel: it oerflak fan de appel is it universum. In wjirm kin it fruchtfleis fan de appel 'brûke' en binnentoch nei de oare kant krûpe yn stee fan dat er in omwei nimt en oer it oerflak wrimelet. Op deselde wize soe in reizger yn in multidimensionale romte, teoretysk, ek binnentoch nei de oare kant fan it universum kinne. Yn teory jout in wjirmgat de mooglikheid om troch de tiid te reizgjen. Fanwegen de ûntsluting fan de tiid fljocht matearje it wjirmgat lykwols al út foardat it deryn giet.

## Selsportret mei in (Giftige) bruid

Allegear tûk – allegear dea! Allegear gelyk – allegear *high*! Allegear oars – allegear bruorren sûnder wapens. Allegear sûnder wapens – allegear net ien. As wy net yn it foarste plak dichters wêze soenen, dan soenen wy net wêze, want dit bewustwêzen dat gewisse hjit soe net bestean. In dichter is, yn it foarste plak en foaral – as er dat no wol of net – in man fan it gewisse. Yn de eagen fan de dichter docht alles hieltyd mear sear. Hy docht oaren sear, is út 'e skroeven, ferwûne, en tagelyk ûngewoan gelokkich en grimmitich. Hy dipt syn bange spienen yn Weltschmerz. In dichter weaget him yn de djippe dea en krekt dêr azemt hy it yn, dit frjemd gelok, de aldergekste drug, de drug fan alle drugs; en dan rekket er ferslave. En sa hie er foar de earste kear dizze eroatyske moeting mei de dea.

It dizenige lichem tekene him ôf, in hiel hoart is it momint fan revelaasje omstringele, en dan bart it ynienen. Op dat stuit begûn de wrâld himsels te werheljen, elke beweging waard automatysk, moarns stie it gesicht each yn each mei in frjemdling, soe it dizze draaide refleksje akseptearje? In oarloch waard oanstutsen, wa is it bangst? Fan wa is it lichem eins? Wa is de refleksje en wa net? Ferslaving en forsearre freonskip. Skaden falle yn bondels, se freegje net nei gesichten. Dreaun by de yllúzje, lansarre nei de ûnferskillichheid, de ferslaving fan de gewoante. Wer in oar gat, graach! Ik freegje dy om noch ien nij gat, kin dat? In lyts knikje, en dan sakje ik yn de iensumens, dêr't ik net oan ûntkomme kin. Ik wachtsje op dy, Langstme, om del te kommen en mei dyn honger troch de wrâld te baarnen dy't my as erfenis jûn is.

(Ik ha oeral socht, ik fûn it net, fansels, it wie deryn, nearne oars. Alle granaten dy't ik foar my hold, alle rekkens dy't har net ûnderwerpe, it waard in grutte steapel, dy't yn my sierde. Tiid is in beul, as it foar rint en as it skoft hâldt; it ritme pakke rint op stront út. Alle bombast oer harmony, ferminging, gefoel, oer ien wêze mei ien (wat dat ek wêze mei), grutte ûnsin. Ritme is dyn ûndergong, en ritme hat dy by de poat. Is muzyk net in magnetyske weach, de meast effektive manier om by de essinsje fan it bestean te kommen, om de refleksje te ferneuken en noch mar wer ris oer te eidzjen oant de boel ferrottet?)

## Fingerwizingen

*Ferslaving is in manier fan libjen, alles is dreaun by it ynnimmen fan in stofke yn it lichem, en as de effekten ôfnimme, ferliest de persoan it gesicht fan in minske, hy hat mar ien ding oan de kop, de nije doasis fine, want je kinne net sûnder. Bisto oait wekker makke út in hiele moaie dream? Kinste dy de lilken en de wanhoop yn it sin bringe doesto yn 'e gaten hiest dat it mar in dream wie en dat it geweldige momint ferlern wie? Dat is presys wat der by in ferslaafde bart as it effekt fan de drug ôfswakket, klearebare wanhoop, dat faak op blyn geweld údraait en allinne ophâldt mei in nije doasis fan de drug, of wannear't it weromlûken syn rotkop opsteekt. Ik ha dit fan tichteby meimakke, út eigen ûnderfining wit ik hoe't it fielt as de heroïne hast op is, hoe't it fielt as dyn dream samar foar dyn eagen útinoar spat. In junk falt yn 'e sûs, in brutsen man jout belies. Wy nimme it spul yn omdat wy spokene benaud binne dat wy in echo heare, in echo dy't yn it lege gat fan ússels galmet. Wy binne ferskriklike bang foar deawurge lichems, in stik fleis, sûnders, dy't it limbo al lang ferlitten hawwe en harsels fûnen yn it midden fan de hel, wêr't de eigen sûnden mei rustige spikers op dyn jokjende, fantoomhûd tatoeëarre binne. In nachtmerje dy't libbet, it docht sear, mar do kinste net in lichem fine om fuort te smiten, om ôf te swarren. Do joust in fantasme te iten, do joust de Giftige bruid te iten.*

Asto him sa sjen soest – ynienen, yn in park, dan soe dyn earste gedachte wêze – bygelyks as hy omrôle yn it slyk fan it ferjitten – net allinne omrôle, do stelst dy foar hoe't hy in allemachtich stik achterút rinne soe, by steat wêze soe om der foarút út te swimmen, dweiltrochwiet fan de drek fan it sykjen; hy rint troch de grize en wiete stêd, dy't mei alle stappen donkerder wurdt. De stêd is wiet, hoewol't de sinne bûten skynt, de sinne skynt bêst, wylst de rein om it mei in metafoar te sizzen nei de hân ta falt, dy't besiket om te pakken wat de ûngelokkige hawwe moatte soe – himsels yn de refleksje fan it drippen. Hy pakt in bondel wurden dy't noch net sein binne en rint by winkelruten lâns, yn de etalaazjes folgie mannequins him mei de eagen, hy is neaken en ferklomme fan de einleaze fragen. Kristallen yn syn eachopslach, dêr't er mei dwers troch alles hinne sjocht; alle kearen dat it eachlid sakket hat it each even rêst, de kristallen kringe troch wat sjoen is en de reindrippen krije plakken fan de pine fan wat net foar te kommen is; ûnder it bloed, glydzje se yn ûnbekend gebiet. Yn alle wetterplassen sjocht er in namme, in refleksje fan in grap sûnder in glimk; hoe klinkt de werklike namme? Hoe klinkt in echte namme eins? Kin in namme it gat folje dat fallen is no't it fêste adres ferlern is? In namme as in oantsjutting dy't stjonkt as de walm fan in keuken, dampen fan de treppen dy't wy yn in ferlitten treppehûs rûke yn de galm fan in steile trep dy't nearne hinne rint, wer in oare klim en in oare ôfdaling, dy't him noch djipper bringt, nei noch ûnbekendere gebieten. In namme dy't parasitearret op syn betsjutting, en op itselde stuit ûntkomt. Hy fangt in raaf en skuort de búk iepen, lûkt de noch waarme yngewanten derút, yt se op. Neffens bepaalde byleauwerij makket it iten fan de organen fan in raaf in minske heldersjende. En wannear't de yngewanten yn de organen fan de minske sakje, freget dy minske him ôf: Mei ik? It brûken fan it wurd 'mei' is dûbeld: hy mei en mei net ûnder ferskillende foechsume betingsten.

Dat, wat bart der as hy nei himsels wiist? Hy tinkt dat it pistoal wegerje sil, in fûgel sil mei folle kracht tsjin it rût oanfleane dat er net seach en him wekker meitsje, of hy sil gewoan útglydzje op de houten flier en achteroer falle. Hoe dan ek, der sil in soarte fan logyske kracht yn it universum wêze dat him tsjinhâlde sil om dizze ekstreme hanneling út te fieren. De finger leit op de trekker en wacht oant de doar nei de ivichheid iepen giet. En de doar giet iepen, mar der is gjin ivichheid, allinne mar in nij gat dat opfold wurde moat.